

SKRIFTLIKE FRAGEN, eks kêst 42 Reglemint fan Oarder

Rjochte oan DS / lid DS	Sietske Poepjes, Avine Fokkens-Kelder, Douwe Hoogland
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Op 22 desimber hat de Ried fan de Europeeske Uny Needferoarding (EU) 2022/2577¹ oannaam. Dy feroarding, dy't streekrjocht wurket yn de hiele EU, moat der foar soargje dat de fergunningferliening foar de oanlis fan wernijbere enerzjy koarter duorret. De Steatefraksje fan de FNP hat fragen oer de konsekwinsjes fan dizze feroarding binnen de provinsje Fryslân en foar de amtlike organisaasje.</p> <p>By fergunningsprosedueres wurdt foarrang jûn oan de bou en eksploitaasje fan ynstallaasjes foar de produksje fan wernijbere boarnen en foar netwurkynfrastruktuer. Dy projekten wurde as fan heger iepenbier belang sjoen (<i>overriding public interest</i>). Dêrneist moatte by in soad sinneprojekten, waarmtepompen en oare projekten in fergunning binnen maksimaal ien of trije moannen ferliend wurde en foar guon gefallen wurdt de fergunning sels automatysk ferliend as de fergunningferliener net binnen in moanne reagearre hat.</p> <p>Boppedat kinne de lidsteaten – hjir Nederlân –projekten op it mêd fan wernijbere enerzjy ûnder betingsten frijstelle fan de plicht ta miljeu-effektbeoardieling en fan de beoardieling fan de soartebeskerming.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> 1. Wat binne de effekten fan de needferoarding op de fergunningferliening yn Fryslân? Kin it kolleezje in oersjoch jaan fan de prosedueres dy't oanpast binne nei oanlieding fan de needferoarding dêr't de provinsje fergunningferliener is of wêr't de provinsjale omjouwingsregels (bygelyks de aktuele Feroarding Romte, Feroarding Wnb, Miljeuferoarding, beliedsregels ensfh.) as gefolch fan de needferoarding oars tapast wurde moatte? 2. Wat binne de gefolgen fan de regels út de needferoarding foar de fergunningferliening en de fuortgong fan sinne- en wynenerzjyprojekten yn de provinsje Fryslân? 3. Wat binne de konsekwinsjes fan de regels út de EU-needferoarding foar de útbou fan de netynfrastruktuer yn Fryslân? Hawwe dy effekt op de faasje wêrmei't bygelyks Liander en TenneT harren netwurken útbouwe kinne? 4. Wat betsjut de status fan it heger iepenbier belang (<i>overriding public interest</i>), dat mei de needferoarding takend wurdt oan wernijbere enerzjyprojekten, foar de beoardieling fan it goed lânskiplik ynpassen fan projekten?

¹ Verordening (EU) 2022/2577 van de Raad van 22 december 2022 tot vaststelling van een kader om de inzet van hernieuwbare energie te versnellen. Sjoch ek: Keamerbrief fan 18 novimber 2022: 'Appreciatie noodverordening 'Versnelde inzet van hernieuwbare energie''

	<p>5. Feroaret mei de regels ek de rjochtsbeskerming fan ús ynwenners en bedriuwen? As dat sa is, hoe dan?</p> <p>6. Hat de amtlike organisaasje fan de provinsje (en ek fan de gemeenten, dy't in soad fan de regels tapasse) op dit stuit foldwaande kapasiteit om de ferplichte trochrintiden (dy't de needferoarding no opleit) te garandearjen? As dat net sa is, wat docht it kolleezje der oan om der op hiel koarte termyn foar te soargjen dat soks wol bart?</p> <p>7. De nije regels fan de needferoarding kinne troch de lidsteaten fan de EU ek op rinnende prosedueres (foar 30 desimber 2022) tapast wurde. Is dat it gefal yn Fryslân en as dat sa is, wat binne dêrfan de konsekwinsjes?</p> <p>8. De needferoarding jildt foar in perioade fan 18 moannen. Ferwachtet it kolleezje dat de regels nei dy tiid permanint wurde sille?</p>
--	---

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening)
	FNP, Sijbe Knol

Datum	12 jannewaris 2023
-------	--------------------